Petsje ôf foar Meinimmende Redbad

Hoe soe it west ha as yn ‘e tiid fan kening Redbad soks as sosjale media bestien hie? Dy fraach leinen Pieter Stellingwerf en Eric Hoekstra harren foar doe’t se mei de keningsdrama’s fan Douwe Kalma oan ‘e slach giene foar de jubileumútfiering fan it lokaasjeteater fan SULT.

DOOR:
CEES WALINGA



Kening Redbad yn it midden fertelt wat de Friezen fan him ferwachtsje kinne, gjin frijhannel en Friezen foar de Friezen bygelyks. Links fan him heit Aldgillis en rjochts syn frou Rixt Foto René Spijkerman

STARUM ■ Se ha fan de drama’s fan Kalma net in dreech stik makke. Dat hat yn ‘e fyftjin jier lokaasjeteater fan SULT ek wolris oars west. Je moasten der betiden stúdzje fan meitsje om de djippere lagen te sjen. It kin mei SULT alle kanten op en mei 950 jier Starum as oanlieding en it eigen 15-jierrich bestean ha de artistike lieders keazen foar in pakkend ferhaal foar in breed publyk.

En yn in setting dy’t noch nea sa grut oanpakt wie. Mei troch it meispyljen fan in grutkoar fan goed 100 sjongers, wiene der mear meispilers as ea. En dan it plakje. Sa prachtich oan de Iselmar op it Suderstrân by Starum. De waargoden hiene it dekôr al aardich ûnder hannen nommen. It moast belies jaan yn de stoarmen fan ferline wike.

Op dit plakje fielst mei stoarmwaar de tiid fan kening Redbad. De tribune rjochte op it wetter, dêr’t in suver wat futuristysk dekor fan bousteigers opboud is, mei in grutte toer en radarhúske sintraal. Foar de premjêre tongersdeijûn hat de wyn him deljûn, binne de wolken as in gerdyn iepenskood en skynt de moanne by. Aldgillis kin fan boppen meisjen.

De muzykgroep weiwurke ûnder de tribunes, bringe de sfear fan in opera dy’t him oan it wetter ûntbleatet. It hat ek wol wat fan in mearke as it publyk út ‘e tinte wei, nei in waarm bakje kofje as tee, troch de boade warskôge om it mobyltsje út te dwaan, efter it lyk fan kening Aldgilles oanrint. As wie er Gandhi sa waard de kening fan ‘e Friezen ferbârnd. Hy dreaun skitterjend oer it wetter de ivichheid yn.

En dan komme de spilers op yn harren wûndere klean. Redbad de soan komt werom. Hy wie troch syn heit ferbanne nei Helgolân, omt er in nijljochter fermoarde hie. Redbad wol nei syn weromkear noch neat fan oare folken witte, de grinzen moatte ticht: Fryslân foar de Friezen. Protectionisme is neffens him de oplossing foar de earmoede en ekonomyske dip. No sil it better wurde. Syn soan Leafwyn moat lykwols neat fan de tinkbylden fan syn heit ha.

De soan wol foarút, mar Redbad wol bewarje wat der wie. Dat die al bliken doe ‘t der in boat mei frjemdfolk oan lân kaam, klaaid as kamen se fan in oare planeet. De Ingelske Wilfred preekte dat der ien God is dy’t alle folken ferbynt. Ydwine, de dochter fan Aldgillis en suster fan Redbad, rekke fereale op Wilfred. De frijheid om syn miening kenber te meitsjen waard him ûntnaam troch Redbad. Hy krige yn mes yn ‘e rêch.

Under it regear fan Redbad komt der in opstân en deryn giet Leafwyn foarop, mar Redbad wol net wike. Heit en soan dopje in potsje bier, sa’t Redbad dat ek al mei syn heit die, mar gesellich wurdt it nea.

De fleskes fleane de mar yn. De deaden fiere as in reade tried ek in striid oer hoe’t it regear oanpakt wurde moat. Mar sels de deaden: Aldgilles en syn mem Thied, kinne it net iens wurde seit Frana, de priesteres fan Wodan, Donar, Freija en Fosite.
Redbad wol syn macht net ynleferje foar fernijing. Waard Redbad noch ferbannen troch syn heit. Redbad bringt syn soan oan ‘e galge. It is it dramatysk ein fan it keningsdrama. De striid oan it hof hie miskien wol in striid fan it folk wurden as der sosjale media west hie yn ‘e tiid fan Redbad.
Regearingslieders lykje troch sosjale media de greep op harren folk kwyt te reitsjen. Redbad koe ek samar Assad, Moubarak as Ghadaffi hjitte kinne. Yn dizze wrâld kinst gjin muorren mear om dyn keninkryk sette, sa leart in meinimmende Redbad yn it 950 jier âlde Starum. Petsje ôf foar alle spilers en meiwurkers fan SULT foar harren Redbad.